

Zaterdag 17 oktober 1981



bedoel) binne in soad sinnen, dy't koart mar ynkringend in situaasje werjouwe.

"Tin iis" is útkommen yn in tiid wêryn't de film "Het meisje met het rode haar" in grut publyk lûkt. De film is hurder en yn tsjinstelling mei Theun de Vries syn boek,

dêr't er nei makke is, mear berekkene op effekt. De filmfiguer Hannie Schaft wurdt mear as Dineke draun troch haat en ek troch in politike ideology. Dineke en de oare Jagersma's binne, ek yn har striid en moed, hiel gewoane trochsnee-minsken. Dat is de krêft fan dit bisûnder goede boek.

PITER TERPSTRA